

De Saad oan it buro. It gemeenthûs like wol in skoalle!

Wat dogge se dêr eins op it gemeentehûs? It is it grutse gebou fan Damwâld en der wurkje in soad lju, nou ja wurkje... Wat se allegear dogge? Kinst der dyn paspoart krije, asto yn ûndertrou giest moatst der hinne te praten. En as der in bertsje berne is giet de heit nei it gemeentehûs om it oan te jaan. De gemeente hallet de hússmoarrigens op, hâldt de strjitten en de iepenbiere túntsjes skjin. ... Oh ja, en asto net genôch ynkommen hast kin de gemeente dy faaks helpe. En de gemeente wol datsto belesting betellest. Mar fierders.....

Hoe sit de maatskippij yninoar, hoe funksjonearret de demokrasy?

It wie al yn septimber 2004 dat fertsjinwurdigers fan gemeenten yn Noardeast Fryslân op it Dockingacollege yn Dockum byinoar kamen om nei te gean hoe't de learlingen fan it fuortset ûnderwiis te gast wêze kinne soenen op it gemeentehûs en dêr sels ek efter de riedstafel te sitten. Der waard ôfpraat dat de gemeenten apart mei de skoallen yn de gemeente in wurkgroepke foarmje soenen. Dantumadiel soe mei De Saad om 'e tafel, mei't dy skoalle de iennichste skoalle mei fuortset ûnderwiis yn de gemeente is en De Saad boppedat sa folle learlingen by in projekt belûke woe dat ien skoalle út eachpunt fan organisaasje ek wol genôch wêze soe.

De petearen tusken leararen fan De Saad en amtners fan 'e gemeente ferrûnen flot en noflik. Ofpraat waard dat De Saad in programma yninoar sette soe mei sa goed en folle mooglik eleminten deryn dêr't fanút it ûnderwiis ferlet fan is. De gemeente soe alle war dwaan om de útfiering fan dat programma sa goed mooglik te fasilitearjen en mei út te fieren.

De groepen

It gemeentebestjoer en de amtners wienen ree om fan moandei 13 febrewaris oant en mei tongersdei 16 febrewaris net allinnich de doarren fan it gemeentehûs iepen te setten, mar ek om op aktive wize de learlingen te ûntfangen.

Op 13 febrewaris wie it safier en rûgelen mear as 72 learlingen mei harren leararen yn groepen it gemeenthûs yn.

Dêr hienen hja yn groepen mei 8 spesjalisten in petear fan 20 minuten. Mar net allinich op it gemeentehûs, ek by de brânwacht en gemeentewurken oan de Moarrewei waarden se ûtfongen. It joech in tige libbendige sfear yn en om it gemeentehûs en dat joech al in bytsje oan wat oft der woansdei op it program stie.

Meirinne

Woansdei 15 febrewaris stienen moarns sa'n 70 amtners op in rige yn 'e hal fan it gemeentehûs klear mei in nûmer foar 't boarst yn 'e hân. Sa wie it foar de learlingen ienfâldich om út te finen mei wa't se dy moarne in pear oeren meirinne soenen. 'Rinne' yn de letterlike sin siet der nammers yn de measte gefallen net yn.

It die wol bliken dat de measte amtners sittend efter it buro harren wurk dogge en dat der in soad spesifike wurksumheden binne. It giet net allinnich om konkrete ûnderwerpen as ôfjaan fan paspoarten, riidbewizen, it plantsoenûnderhâld, ICT-koördinaasje en jongereinsoarch. Der moat in soad administratyf ferwurke en fêstlein wurde en de kompjûter is in stik ark dat op alle buro's fan moarns oant jûns brûkt wurdt. Myn kollega's hat it goed foldien om ien of mear learlingen fertelle en sjen litte te kinnen wat hja foar wurk dogge en dêr oer te fertellen. Foarsafier dat koe hawwe se it sels ek in kluske dien.

Wat wolle wy yn de gemeente ferbetterje?

Tongersdei 16 febrewaris. Dizze dei wie wer in dei mei groepen. It hiele gemeentehûs wie fan moarns oant jûns 'beset' troch De Saad. De riedseal, ferskate gearkomstesealen, de hal, de kantine, rûnom sieten de learlingen te diskusjearjen. Der moast besocht wurde om útstellen te dwaan foar ferbettering fan in beskate situaasje yn de gemeente dêr't jûns troch de rie, besteande út 17 "Saadriedsleden" oer debatearre en stimd wurde soe. It gong der soms fûl omwei, mar by eintsjebeslút bleaunen der trije plannen oer.

Stimme

Nei't de learlingen de listlûkers fan de ferskate politike partijen dy meidwaan soenen oan de gemeenteriedferkiezings mei harren ferhalen foar it front hân hienen koenen hja stimme. D'82, mei Jouke Dantuma as "kopman", kaam as grutte winner út de striid!

Wat kin der better.

Jûns koe boargemaster Aalberts de jongste rie fan syn libben foarsitte. Wat moat der yn de gemeente oapakt wurd? It budzjet is € 1.500,--. De helte foar rekken fan de gemeente en de helte foar dy fan De Saad. De trije partijen joegen inoar goed partij yn it debat. Doe kaam it op stimmen oan En dat wie dreech! De trije partijen hâlden fêst oan harren eigen útstellen. Op dy wize koe der net in mearderheidsbeslút komme.

Undersyk en noch mar ris stimme.

Learlingen fan de Saad presintearren - op yn myn eagen poerbêste wize – in ûndersyk op it mêd fan de taakynfolling troch de gemeente. It waard op papier oan boargemaster Aalberts oanbean.

Doe noch mar ris stimme, mar ek no gjin mearderheid! Dúdlik kaam nei foarren dat it politike spul net spile wurde kin troch allinnich it eigen eintsje beet te hâlden, mar dat der yn in demokrasy gearwurke wurde moat. Sûnder wetter, foar by de wyn, slagget it net.

Faaks wie dat noch wol ien fan de bêste learmominten fan de wike.

Tekeningen

Net allinnich de maatskiplike mar ek de kreative kant krige omtinken. Gâns learlingen makke in ûntwerp foar de foarside fan de gemeentegids 2006 – 2007. De echte reidleden keazen it ûntwerp fan Elisabeth Kaminski as de bêste!

Oare kear wer?

Wat de gemeente oangiet: it hat bêst foldien. Dat iuk slút of mei in slogan yn it Nederlânsk:
De Saad. Een school die staat!

Emmo Koster, gemeentefoarljochter
Gem. Dantumadiel

